# REVUE

TA IT 40-JIERRICH BISTEAN
FAN DE GYMNASTYK-FORIENING
SPORT STAALT SPIEREN
TO GROU

DER
SIT
SUVER
SKOT
YN!

1906 1946

# Der Sit Suver Skot yn!

**REVUE fan Abe Brouwer ta it 40-jierrich bistean fan de Gymnastyk-Foriening „Sport Staalt Spieren" to Grou**

---

| | |
|---|---|
| SPILERS: | Leden fan S. S. S.<br>Grouster Toanielforiening. |
| LIEDING: | gymnastyk en douns E. Dirksen.<br>toaniel Abe Brouwer. |
| REGIE: | S. Bangma. |
| MUZYK: | I. van der Heide—Vaas, accordeon.<br>T. Hoekema, piano.<br>Br. Stellingwerff, fioele. |
| KAPWURK: | Talman, Huzum. |
| KLEAN: | Serné, Amsterdam. |

## PROLOOCH

Opmars.
Sjongen fan S. S. S.-liet.
Simmertaferiel by de Strou.

## 1ste OFDIELING

**1906—1928 „Forline".**

Op 'e foarjoun fan de oprjuchting yn de Bierhalle.
Aeisikersliet.
Twa roddelskûten.
1ste dameslesjoun.
Ledengearkomste yn 'e biwaerskoalle.

## 2de OFDIELING

**1928—1940 „Jister".**

Scêne by de Put.
Gymnastyk.
It Huldeblyk.
„De Terp", menuet en douns.

**SKOFT.**

## 3de OFDIELING

**1940—1945 „Hjoed".**

Lesjoun yn oarlochstiid.
Oefenstof yn oarlochstiid.
Kampeartocht nei Soarremoarre.

## EPILOOCH

Rythmyske douns „Utnoeging".
TABLEAU.

# S. S. S.-LIET

fan Frou HOEKEMA—HAITES.

---

(Wize: *Eala, fria, Fresena*).

As in rige jonge minsken,
By 'noar brocht yn S. S. S.,
Ha w' alhiel deselde winsken,
Springe dêr ek graech foar yn 'e bres.
Fris en frij sa woll' wy bouwe
Oan in nije, soune wrâld,
En dêrby, tsjûgje wy,
Litte „rang en stand" ús kâld. } *2 kear.*

Sport, dat is 't, dêr 't wy foar fiele,
By de les mist ljeafst gjin ien.
Yn 't sukses fan oaren diele,
Oerginst fyn wy lyts en sa gemien.
Dêrtroch is ús gymnastykjoun
Eltse kear opnij in feest.
En dêrby, bliuwe wy
Tige soun en fris fen geest. } *2 kear.*

Mei ús flink' en sterke lieder
Gean wy ek it fjild graech yn.
Eltsenien is dan in strider
En slacht freez' en eangstme yn 'e wyn.
Oefenje mei pols en brêge,
Oan it rek of op 'e bok,
Sjoch dêrby, fine wy,
Hyltyd weroan wille en lok. } *2 kear.*

Dêrom woll' w' ús trou ûnthjitte
Oan ús moaije S. S. S.
Mei 'ris immen har forlitte,
Dêrmei giet de klub net op 'e fles.
Mei in dapp're âlde garde
En in fikse, jonge ploech,
Hawwe wy, leau mar frij,
Grif noch jierren foar de boech. } *2 kear.*